

CONTACT



van de Doopsgezinde Gemeente te Damwoude

REDAKTIE

B.S.Santema
H.Woudstra
J.v.d.Meulen
G.Sikkema
T.Wijnsma

MEDEWERKERS

zusterkringen
zondagsschool
kerkkoor
niefelploech

TYPE-WERK

U.Damstra
H.Pranger
F.Brink

REDAKTIE-ADRES

L.Minnema-Annema
Voorweg 154
9104 CC Damwoude
tel. 05111-1049

Bank- en girorekening van de Doopsgezinde
Gemeente te Damwoude:

Rabobank "Dantumadeel"	3433.00.141
Friesland Bank	2939.34.983
Postgiro	83.64.37

Efkes weromsjen.

Yn 1922 bin ik berne, dat is al hiel wat jierren ferlyn. Wy wennen in moai ein bûten it doarp oan in sinteldyk, dêr't by 't hjerst greatte gatten yn en losse stientsjes op leinen, dus faak in lekke bân.

In pear doarpen fierder op yn Damwâld stie de Menniste tsjerke.

Heit en mem wiene mennist, dat wy as bern giene letter ek nei de sneinsskoalle en it fraachlearen. Op 'e sneinsskoalle moasten wy ferskes út 'e holle leare en as beleaning krigen wy dan plaatsjes mei in bibelske foarstelling dêrop, yn kleur of swart-wyt.

Op in kear wie it waar mei it Krystfeest sa min as strie. It waaide en reinde en as wie it noch net moai genôch, begûn it ek noch te friezen en wy wiene al bang, dat it feest sûnder ús wêze soe. Yn dy tiid mochten de bern fan tefoaren in briefke ynleverje dêr't trije kadootsjes opstiene dy't se graach ha woene. Ien dêrfan krigen se dan. Mar lang om let waard der in taksy besteld, 't sil wol dy fan v.d. Weg west ha, en wy bliid fansels.

Yn dy tiid wiene der noch net sa folle auto's op 'e dyk.

Ek de jongerenkring wie, doe't wy wat âlder waarden, wol belangstelling foar. Foppe de Jong wie foarsitter en Ds. Gaaikema stie hjir doe as dûmny. Hy lies dan in lyts stikje út 'e bibel en koe dêr dan wol in hiel skoft oer fertelle. Sneins sieten doe foaroan yn tsjerke noch âlde wyfkes mei it earizer op 'e holle en at de sinne skynde wjerkeatste dat op it goud, dat it skittere dêroer.

It oargel koe doe en no ek net, sûnder lucht spylje. No giet it elektrisch, mar yn dy tiid wiene Freark Bosgraaf en nei't ik mien Harm Woelinga, pûstetraper.

Sa is der nei jierren hiel wat feroare.

De âlde wyfkes binne der net mear.

No sitte de bern fan 'e sneinsskoalle sneins efkes foar yn tsjerke en ek dat is in moai gesicht.

Preekbeurten.extra coll.

29 nov.	19.30 uur	Ds. B. Santema	(Adventsavond).	
6 dec.	9.30 uur	Ds. B. Santema.		A.D.S.t.b.v. Jougd.
13 dec.	14.00 uur	Aangepaste gezinsdienst.		
20 dec.	9.30 uur	Ds. H. Keuning.		
25 dec.	9.30 uur	Ds. B. Santema.	m.m.koor	K.A.P.
27 dec.	9.30 uur	Ds. B. Santema.		
31 dec.	19.30 uur	Oudejaarsavonddienst.		Eigen gem.
3 jan.	9.30 uur	Ds. B. Santema.	wisseling kerkeraad.	
10 jan.	9.30 uur	Ds. B. Santema.		
17 jan.	9.30 uur	Ds. H. Keuning.		Bijbelgenootschap.
24 jan.	9.30 uur	Ds. B. Santema.		
31 jan.	9.30 uur	Ds. B. Santema.		

Verantwoording collekten.

13 september	collekte	eigen	gemeente	f 100,30
20 september	"	"	"	= 83,30
27 september	"	"	"	= 92,35
4 oktober	"	"	"	= 84,05
11 oktober	"	"	"	= 77,70
18 oktober	"	"	"	= 33,50
25 oktober	"	"	"	= 32,05
1 november	"	"	"	= 101,70
8 november	"	"	"	= 77,25
Bloemen september				= 112,00
Bloemen oktober				= 83,60
Doopsgezinden op Java				= 112,75
Russische Doopsgezinden				= 135,25

Vanuit de kerkeraad

Vanuit de gemeente is een verzoek ontvangen om op de jubileumavond (225 jaar kerkgebouw en 75 jaar koor) aandacht te vragen voor de nood in de wereld.

Ds. Santema heeft dit in het gebed aangehaald.

Kerkeraadsviering 8 november 1992

Voor de vacature van br. J. Dantuma waren de br. F. Hofman en br. D. Wiegersma aanbevolen. Gekozen is br. D. Wiegersma. De wisseling is op 3 januari 1993.

De kerkeraad heeft een gift van f 500 overgemaakt aan de Doopsgezinde Gemeente Winterswijk voor restauratie van hun z.g.n. tentdak.

Met attestatie vertrokken naar de Doopsgezinde Gemeente Veewouden zs. Aukje v.d. Wal-Okkema.

H. v.d. Laan is verhuisd, zijn nieuwe adres is Hofstrastraat 22, 9114 RG Driesum

Liesbeth van Wijk heeft haar proponent aanstelling gekregen in de Broedersschapsvergadering van 14 november j.l.

Kerkelijke bijdrage voor leden en belangstellenden

Hartelijke dank voor een ieder die zijn kerkelijke bijdrage over 1992 heeft overgemaakt. Tevens bij dezen een herinnering aan onze leden en vrienden die hun bijdrage nog moeten overmaken.

Alvast mijn dank

L.M.A.

UIT DE GEMEENTE

De afgelopen periode betekende een confrontatie met ziekte voor velen onder ons.

Zs. H. Westerbaan moest voor onderzoek naar het ziekenhuis te Dokkum. U bent al weer thuis, maar toch is er nog onzekerheid.

Zs. Tr. Annema-Wiersma ligt, als dit geschreven wordt, nog in de Sionsberg.

Ook u verkeerd in onzekerheid. Veel sterkte beiden!

Zs. J. de Jong-Hofman ligt al geruime tijd ziek te bed. Met steun van uw man en uw dochter en haar gezin probeert u er bovenop te komen. Dat de Heer u kracht moge geven.

Bij de families de Jong(Doniaweg) en v.d. Weg is bezorgdheid omtrent de gezondheid van de (groot)vaders. Ook hier heerst nog veel onzekerheid.

Veel sterkte toegewenst.

Verder zijn er velen al langere tijd ziek. Soms duurde het al heel lang en nu staat ook nog de duistere winter voor de deur. Dat voor u toch het Licht in de duisternis moge blijven schijnen.

De gemeente bereidt zich voor op de viering van kerstfeest, dat het Licht dan zijn uitstraling via onze onzekere handen moge hebben, over allen die bedreigd worden door de duisternis.

Plotseling is overleden Hendrik Gelt van der Veen. Het is nog maar enkele weken geleden, dat hij op zijn vaste plaats in de kerk zat.....6 november is hij te midden

van zijn geliefden overleden, 10 november
vond de gedachtenis plaats.

Gelezen werd Prediker 3:1,2 "Alles heeft
zijn uur en ieder ding onder de hemel
zijn tijd, er is een tijd om te baren en
een tijd om te sterven.

Dat de kinderen en kleinkinderen "de tijd
om te lachen" weer hervinden.

Tot slot wens ik allen, ook die hier niet
genoemd worden:

"Weest krachtig in de Heer
en in de sterkte zijner macht"

Bart Santema

Tsjerkeride

In jier of what ha'k "tsjerkeriden"
dat wie dan om'e wike as acht,
mar't is sa, tiden hawwe tiden
al slacht men dat net altyd acht,

soms die ik wol foar in "ald minske"
(miskien wol jonger as iksels)
de doar fan't slot en fierders winske
ik har in goeije snein fansels;

sa'k niis sei: Tiden hawwe tiden
en alles nimt op't lest in ein
sa ek dus mei myn tsjerkeriden
'k lit 't graech oer oan de jongerein.

Engele Wynsma.

Hallo allemaal,

In het kort willen we graag vertellen wat we de afgelopen maanden met de Zondagschool hebben gedaan.

Op 4 Oktober, Dierendag, zijn we met de kinderen naar de dierenarts geweest. Hij heeft van alles over zijn praktijk laten zien en verteld. Na afloop de kinderen vragen stellen. Dit was reuze leuk en een mooi begin van de Zondagschool.

10 Oktober zijn we met auto's naar het bos geweest om materiaal te zoeken voor de herfstdienst, en zoals elk jaar was het ook dit jaar weer een groot succes. Nadat alle kinderen zakken vol herftsbladeren, mos, paddes-toelen en eikeltjes hadden gezocht, kregen ze als beloning ranja met wat lekkers en zo werd dit een heel geslaagde middag.

18 Oktober was er een herfstdienst. De kinderen hadden op een zelfgemaakte boom allemaal bladeren geplakt (lekker klieren) zodat het net echt leek. Deze kwam voor in de kerk te staan. Onder het genot van koffie of ranja hebben we met ons allen als afsluiting van de herfstdienst een boekenlegger gemaakt. De mensen die hier een beetje moeite mee hadden werden natuurlijk geholpen door de kinderen. De collecte was bestemd voor de Fugelspits en heeft f 89,- opgebracht.

15 November was er een speciale dienst ter gelegenheid van de opening van de Lytse Fermanje. Alle kinderen en leiding hebben op papier hun hand gemaakt met de naam erop en deze zijn opgehangen in het hokje. Voor de opening was er een lint opgehangen en dit werd doorgeknipt door het jongste lid van de Zondagschool. Hierna kon men nog koffie drinken in de kerk.

In de komende weken gaan we werken aan de presentjes, voor advent die de kinderen bij de ouderen en zieken gaan langsbrengen. Dit wordt gedaan op 6 December.



Dan nog een paar weken en dan is het Kerstavond. We zijn hier al weer druk mee bezig: en kerstspel uitzoeken, rollen verdelen en de kinderen zijn druk bezig met met het instuderen van hun rol en de kerstliedjes. Het

belooft weer een gezellige avond te worden en iedereen is van harte welkom.

De kerstavond is op 24 December en begint om 7 uur.

Hierna hebben de kinderen vakantie , en wanneer de scholen weer beginnen, begint de Zondagschool ook weer.

De leiding.



Agenda

Gebedsgroep: 5 december ~~niet~~
19 december
Lytse Fermanje 19.30-20.00 uur

Broederkring: 28 november
12 december
Lytse Fermanje 16.30-18.00 uur

Maandagavondgroep: 7 december
Gemeentekeamer 19.45-22.00

Nifelploech:

woensdagmiddag 13.30-14.30 knutselen
in de gemeentekeamer,
leeftijd 9-11 jaar,
leiding gevraagd, contact opnemen
met Aukje van de Meulen, tel: 3223

Catechisaties:

4 december: voor alle groepen Sinterklaas!
19.00 in de kerkekamer

27 nov.- jongste groep-19.00-Lytse Fermanje
11 dec.- jongste groep-19.00-Lytse Fermanje
18 dec.- middelste groep-19.00-Lytse Fermanje
6 dec.- oudste groep-19.00-Lytse Fermanje
20 dec.- oudste groep-19.00-Lytse Fermanje

Gezamenlijke Kerstavond: 16 december in de Mounetille.
Aanvang 19.45. Met medewerking van Diet de Haan en
Melodia van Broeksterwoude. Alle zusters zijn van harte
welkom.

Ferslach fan ús betinken fan 225 jier tsjerke en 75 jier koar

Foar de leden fan it koar begûn it al om fjouwer oere, de 29 ste oktober, want sa let moasten de leden yn de tsjerke wêze, want wy kamen op portret. Elk moast earst in blomke op boarst ha en doe koe it mar oan gean. It slage gau en doe wie der wat tiid oer en koene we noch efkes ynsjonge. Om fiif oere nei v.d. Weg.

Der wiene al in hiel soad minsken. Elk krige wat te drinken oan bean en om goed heal wei seizen koene san njoggentich bruorren en susters mar oanskouwe oan de moai opmakke bôletafel.

Us Dûmny iepene dit mei gebed en doe foel elk op it iten oan. Under it iten frege suster Bosgraaf-Zwart út namme fan de susterkringen efkes it wurd.

Dûmny en de foarsitster fan 'e tsjerkeried moasten efkes nei foaren komme en waarden tasprutsen en krigen oanbean in âlderwetsk tinnen inkstel mei in fear om te skriuwen, krektlyk as Menno Simens hat op it portret yn 'e tsjerkekeamer. In moai kado.

It stiet no foar yn de tsjerke. Nei it iten, dat elk sa 't wy hearden goed smakke hie, reizgje elk nei tsjerke foar it jûnsprogramma. De tsjerke wie fol. Fertsjintwurdigers fan ferskate tsjerken en koarren út ús doarp. Fan de A.D.S. de F.D.S. en fan de gemeenten út de ring Dantumawoude. Fan de Dûmny's dy't hjir stien hawwe, wie alline Ds. van Zetten oanwêzich. Fan Ds. Gaaikema en Ds. Kater wie berocht kaam dat se der tsjin oanseagen om jûns te reizgjen. Ds. Mantel wie ferhindere en Dûmny en mefrou Daalder wiene underweis en doe krige mefrou Daalder in harsensblieding. Se is earst nei de Sionsberg brocht en letter nei in sikenhûs yn Utrecht.

De lêste berjochten binne dat it wat better mei har giet. Fan de âlde oargelisten hat Douwe Pheifer berjocht fan ferhinderung stjoerd. De eardere kosteressen Teatske Dijkstra-v.d. Zwaag en Minke Kuipers-Ros wiene beide oanwêzich. Fan de eardere dirigenten wie Max Ullersma oanwêzich en fan de oare koarren fan ús dirigent wien ek ferskate yn tsjerke.

Dûmny Santema hiet elkenien tige wolkom. It koar begûn mei it sjongen fan: O, God ik hear jo winen hjoed. Dûmny dy syn oertinking oer de beide tekstwurden op 'e stien boppe de doar fan 'e tsjerke. Spreuken 16 fers 20 "Wa't op syn wurden past, du sil it goed gean en lokkich is, dy't op 'e Heare fertrout" en Spreuken 19 fers 17 "Dy't begruttet om de earne lient oan de Heare en Dy sil him de woldied ferjilde.

Wy ha ek mei elkoar song lied 314 fers 1+3 en lied 308. It koar song nei it oargel-spyljen: Uit rijk door U op aard gesticht. Nei dat Dûmny de segen útsprutsen hie wie it skoft.

Elk krige in kopke kofje of tee mei koek. Doe't dat behimmele wie, krigen wy it histoarysk oersjoch dat ek yn dit kontakt stiet. Oan 't ein fan dit ferslach wiisde de foarsitster op in wiidweidiger ferslach oer de tsjerke yn de boekjes dy't broeder Venema skreaun hat en dy' yn 'e tsjerke-keamer te keap wiene. Der is drok gebrûk fan makke. Ik koar moast no oantrede. Wy begûnen mei it troch ús dirigent makke ferske "'t Is feest" der't yn besong waard wat wy allegearre dogge op't koar. It Fryske "Fryslan" it Ingelske "How much is that Doggie in the window" "Sanctus" "Simmerjûn op it wetter" en nei it ferske út The sound of music", do dat is de do van doos, moast

it koar efkes stean bliuwe op fersyk fan de susterkringen. Suster Sjoukje Kooistra-Zijlstra spruts it koar op rym ta en doe krige elke sjonger en sjongster út hannen fan de suster Joukje de Hoop-Postma en Siep Zijlstra-Bouma in glês mei in orchidee oanbean, mei in moai kaatsje yn pergamo deroan. Dit waard tige op priis stelt. Der wie mar ien sprekster, suster Benedictus-Hoving, namens de ring Dantumawoude. Se wennet yn 'e Rottefalle, mar se hat hjir ek famylje en nei wat sneupwurk is se ek noch famylje fan Wyger Martens.

Marten Wygers yn de persoan fan Dûmny Santema, kaam ek noch efkes yn de tsjerke. Der is sûnt syn tiid hiel war feroare. De froulje en manlju sitte no troch elkoar. Dat sil wol hiel wat jongerein wurk opleverje tocht er sa. Nei it twadde skoft der elk noch in kopke kofje of tee krige mei in hartich hapke, wie it de beurt oan ús oargeliste Baukje Bosch-Haisma. Se sile Koraal partita. Jesu meine Freude yn 6 delen fan J.G.Walther. Nei dit prachtich oargelspyljen, moast it koar wer nei foaren. Wy songen Vivace, All night All day, See, see, do wide see en it Slavenkoar, Feskes dy't net yn de sneinske tsjinst songen wurde kinne, koene wy no ek ris heare litte. Nei it lêste feske Goedenavond goede nacht hat Dûmny Santema elkenien betanke foar it kommen en it mei helpen oan it slagjen fan dizze jûn en winske elk wol thús. Wy ha doe mei elkoar song lied 60 út de âlde bondel. In ferske as in bea: Leid vriendlyk licht, mij als een trouwe wacht
Leid Gij mij voort.

St. v.d. Galiën-v.d. Zee

225 jaar Fermanje-----((Her)opening Lytse Fermanje.

29 oktober werd op feestelijke wijze herdacht dat het 225 jaar geleden was dat de eerste steen door de tweejarige **Wyger Martens** gelegd werd. Hij was het zoonkje van de toenmalige diaken, **Marten Wygers**, een boer uit de gemeente.

Vooraf is er vast gewikt en gewogen of het wel verantwoord was om in plaats van het houten gebouw een 'protserig' stenen kerkgebouw te zetten, met nog wel een ingang aan de **straatzijde**. En net als altijd zullen er veel voor- en tegenstanders geweest zijn. Maar het is toch doorgegaan.....

Omdat bij de herdenking van het **150-jarig** bestaan van het stenen gebouw een gelegenheidskoor werd opgericht dat nu nog bestaat, en nu dus **75 jaar** oud is, werd ook dit feit gevierd. De feestelijke avond werd bijgewoond door **Marten Wygers**. Hij sprak zijn tevredenheid uit over het aantal aanwezige mensen en keurde kritisch het gebouw.



Dezelfde **Marten Wygers** kwam een paar weken later weer, om aanwezig te zijn bij de opening van de (verbouwde) **Lytse Fermanje**. Het voormalig **P.E.B.-**gebouwtje is nu officieel een jongeren-behuizing geworden met water en toilet. En ook nu weer was er discussie vooraf of het wel verantwoord was zoveel geld aan een 'hokje' te besteden en aan een geplaveide parkeerplaats en degelijk fietshok.

Moet er nog wel geïnvesteerd worden in de toekomst?
Is het niet te 'protserig'?

Maar ook nu ging het door!

Deze keer was het **Rachel Santema** die als jongste lid van de zondagsschool 'het lint doorknipte'. Een tegelpad verbindt de Lytse Fermanje met de Grutte Fermanje.



Marten Wychers gespeeld door Bart Santema, legde door zijn optreden verband tussen verleden, heden en toekomst. Hij maakte ons er nog eens op attent dat herdenken en omzien mooi is, maar dat een gemeente ook vooruit moet blijven kijken. Dat we ook zaken aan moeten durven pakken, ook al kunnen we de gevolgen er niet helemaal van overzien. Geloof en vertrouwen in eigen kracht en Gods hulp zijn nodig. (Althans, zo heb ik het opgevat.)

Tineke Huijing-Zijlstra.

Histoarisk oersjoch by it betinken fan
225 jier fermanje en 75 jier koar.

Us fermanje bestiet 225 jier. De gemeente bestiet langer, want neffens skiednisskriuwer S. Blaupot ten Cate is dizze gemeente stifte tusken 1580 en 1600. De earste 150 jier binne in sletten boek foar ús. Us foaralden hiene blykber net troch, dat soks bewarre bliuwe moast. De earste beskriuwings binne út 1728: in doopboek oanlein troch Dedde Tjeerd, mei Maarten Binnes en oaren. Wy fine dêryn nammen mei oantekeningen fan doop- en stjerjier.

Rekken boeken binne der oan't 1863 dêr't wy yn lêze kinne hoe't ús foaralden it hiene; in bêst jier of in min jier. Mar de bruorren en susters fan dy tiid har offerfeardigheid wy grut; se woene earne sustergemeenten wol bystean yn need.

Op ditselfde plak hat earst in oare fermanje stien. Hoe lang en hoe't it tsjerkje der út seach, witte wy net. Yn 1767 is de âlde fermanje ofbrutsen, nei dat op goed frêed foar it lêst in dooptsjinst en op pearske moandei foar it lêst in nachtmiel hâlden is. In wike letter is men safier dat men mei de opbou begjinne kin.

Diaken Marten Wygers syn soantsje, neamd nei de yn 1752 stoarne learaar, sil de earste stien lizze. Op die styn boppe de yngong stiet dat "Anno 1767 de 29ste april de earste stien lein is troch Wyger Martens: met medehulp van syn ouders synde 2 jaar en 6 dagen".

Wa't de tsjerke bout hat en wat de kosten west ha, is net mear nei te gean. Wol is der noch in rekken fan f 900,- foar hout en stien en ferve, mar dat sil mar in gedielte weze. 4 Moane duorret it wurk. Op 23 augustus 1767 wurdt de tsjerke yn gebruk naam. No moat it tsjerkehiem noch. Men mei no oer de wei nei de Fermanje; men hoegt net mear achterom it Fermanjepaad del. It Mennistendom brekt troch nei de wrâld. Yn 'e maitiid fan 1768 plantet Rotger Gaatses 530 hulzebeamen. It kostet de gemeente 6 gune en 5 stoeren.

Sa lang't de gemeente dakleas wie, waarden de byien-
komsten halden yn de pleats der't no Herman Annema
wennet, achter de pastorij, der't doe Tabe Eintes wenne.

Hjoed de dei soe men miskien in oare tsjerke yn
bruklien freegje, mar dêr wie doe noch gjin sprake fan.

By de yn gebrukname fan de tsjerke, op 23 augustus 1767,
wie der gjin ynwydingsfeest en wiene der ek gjin gasten.
Tankber wiene de minsken wol en dat die ek bliken ut de
kollekte: 10 gûne! De earste jierren wiene net sa rom,
dochs wie 1767 wol in geunstig jier. Men doarst wer te
hoopjen op de takomst en sa is der no yn 1992 noch altyd
ûs fermanje, al is de tsjerke noch wol ris wer ferboud
en utbreide. Us foaralden ha alinne de stoflike
saken byhalden, net hoe't it mei it innerlik wie.

De fermaners en lekeprekers setten har belangeleas yn
foar de gemeente. Mear as twa ieuwen hat de gemeente sa
fersjoen yn de fersoarging fan de geastelike behoeften.
Se kamen meast út eigen gemeente, keazen troch de
bruorskip. Meastal trije, mar yn 1728 wiene der sân. Elk
nei syn eigen fermogens ha se Christus' evangealje
preke. Onbeholpen miskien, mar de bruorren en susters
fan dy tiid koene der mei ta. De bysonderheden ûn-
tbrekke, mar sa moat it west ha, oars wie de gemeente
net wuon wat it no noch is: in Mennistegemeente mei in
ienfâldig mar from ljeauwen.

Yn de 18e ieu ferdwine de lekeprekers. Ulke Reitses,
letter neamd er him Dykstra, is de leste fermaner. Troch
Ulke Reitses syn wurk kaam hjir de earste ofstudearre
leraar Ds. Ter Borg. No moast der ek in pastorij komme.

Dat joech gjin swirrigheid. Yn 1793 wie men yn't besit
kaam fan in pleats mei royale foarhúzinge, ferbout troch
Oege Tjallings. Dit hûs waarde fertimmere en ynrochte
as pastorij, deselde dêr't us Dûnny no wennet, al is it
hûs noch wol ris wer ferboud en oanpast oan de tiid. It
traktemint foar de earste Dûnny wie f 800.-.

Tusken de earste Dûnny Ter Borg en Dûnny Santema fan no,
hawwe hjir ferskate Dûnny's stien. Dat wiene de Dûnny's
Kuiper, De Jong, Feenstra, Ten Cate, Schiff, Westerdijk,
Reinders, Pasma, Bonga, Yntema, Knipscheer, Gaaikema,

Kater, Daalder, Wassing, Mantel, Jelsma en it ienichste Dúmnynneeske Da. Van Zetten. Ds. Arnoldus de Jong hat hjir it langst stien: 27 jier. Hie die syn yntrede op 2 desimber 1827. Yn 1854, op in snein, fuort nei de preek, dêr hy preke ut Math 6:10: Lit jo wil dien wurde, ferstoar Ds. de Jong. Yn 1872, Ds. ten Cate stie hjir, is de tsjerke fertimmere. De frouljesbanken krigen leuning!

Op 17 maart 1885 wie de oargelynwijing. Dêr wie noch al wat oer te dwaan west. De iene woe it foar yn tsjerke, de oare achtery. Dizze middei is foar it lêst song mei de lêste foarsjonger Willem Tabes van der Veen. Fan dizze dei ôf soe de gemeente sjonge nei it tekstwurd fan dy dei, Job 21:12b.: Sy binne bliid op it lûd fan it oargel". De eerste oargelist wie C. Heidstra en de pûstetraper wie J. van Tuinen. Nei Heidstra wiene de oargelisten Douwen, Van Dykhuizen mei Ykema, Mej. van Zanten, Wiebrich Dam-Reitsma en no, en wy hoopje noch hiel lang, Baukje Bosch-Haisma. In pûstetraper ha we al lang net mear. Foar 1900 wiene der faaks gjin koster, dêr wurdt tenminste net oer skreaun. Wy witte fan ôf 1909 de nammen fan de susters: T. Minnema-De Vries, G. De Hoop-Meinsma, T. Dijkstra-Van Der Zwaag, M. Kuipers-Ros en ûs kosteres fan no A. Westerlaan-Wijmenga.


Doe't de tsjerke 150 jier bestie, is der in sjongkoar oprjochte, it Mennistekoar dat hjir jûn harren 75 jierich bestean fiert. Fan de earste 15 jier fan harren bestean is niks opskreaun. Doe is der begûn mei it opskriuwen fan sommige dingen. Wa't de dirigent wie en soksawat, mear eins net. Wy witte út oerlevering dat by it haed fan de iepenbiere skoalle de heer Ikema in fergadering west hat, om in sjongkoar op te rjochtsjen en sa mei te wurkjen oan it 150 jierich jubileum fan'e tsjerke. De hear Ikema waard de dirigint. It foel sa goed yn'e smaak dat men oanarre it koarke moast mar blieuwe. De hear Ikema hat jierren de dirigint west. Nei him kamen A. Dijkhuizen, Van der Water, Molenwijk, Mej. Visser, Zonderland, Haarsma, Ullersma en no Klaas van der Werf, dy't no al 10 jier dirigint is.

Yn 1935 betelle men in dubbeltsje kontribúsje. Yn'e oarloch hat it koar efkes stillein. Earst, om't men jûns net mear nei bûten mocht. Doe ha se in skoftsje op

sneintemiddei song, mar doe doarsten de moanlju net mear te kommen en hat it noch efkes in froulju's koar west, mar it woe net. Men is doe ophâlden. Nei de oarloch is men wer út ein set en it koar sjongt noch altyd mei in protte nocht. It koar sjongt faakyn in bisondere tsjinst. Hjir, as ek wol yn oare tsjerken dy't ús utnoegje. Ik wol dit ferslach beslûte mei de wurden dy't bûten boppe de doar skreaun binne, no 225 jier lyn mar noch altyd wier, de twa teksten ut Spreuken: Spreuken 16 vrs 20: "Wa't op syn wurden past, dy sil it goed gean en lokkich is, dy't op'e Hearre fertrout", en Spreuken 19 vrs 17: "Dy't it begruttet om de earme lient oan de Hearre en Dy sil him de woldied ferjilde".

Sa meie wy fjierder gean, yn hoop en betrouwen.

S.van der Galiën-van der Zee



Terugblik op de startweek

Nu al het winterwerk weer volop aan de gang is willen we nog even terugzien op de startweek. Ook dit jaar is alles prima verlopen. De avond voor leidinggevendenden was erg leerzaam. Je geduld werd voortdurend op de proef gesteld maar ondanks dat was er een gezellige sfeer. We hopen alleen volgend jaar wat meer mensen te zien. Het sportieve gedeelte op vrijdag avond (volleybal) was iets nieuws, maar zeker voor herhaling vatbaar. De supporters lieten het wat afweten. Na dit gebeuren is er lekker veel gegeten bij de druk bezette barbeque's. De middag voor de kinderen op zaterdag was variërend. Bij de 4 tot 6 jarigen waren er weinig kinderen maar er is enthousiast verteld, geluisterd en gekleurd. De jeugd van 7 tot 10 jaar hadden het druk met het vluchtelingenspel. Allemaal verschillende opdrachten moesten door 8 groepjes van 6 kinderen uitgevoerd worden. De disco op zaterdagavond was een knaller. Maar liefst 105 kinderen van 11 tot 15 jaar hebben 2 uur lang gedanst en veel plezier gemaakt. Volgend jaar maar weer doen? Als afsluiting was er de sporthaldienst met Ds. Naye als voorganger en "Sozo" en "Ere zij God" als verdere medewerkenden. De opkomst was enorm groot. De opbrengst van de collecte was f 1.492,65 bestemd voor het steunfonds vluchtelingenwerk Dantumadeel en f 463,45 voor de dekking van de onkosten. Zoals u las was het ook dit jaar een geslaagde startweek. Wij willen iedereen veel plezier en Gods zegen toewensen bij de activiteiten dit winterseizoen.

De Interkerkelijke startweekcommissie

Bericht van interkerkelijke evangelisatiecommissie.

Op zaterdag 26 december 1992 wordt er weer een dienst in sporthal "De Boppeslach" te Damwoude georganiseerd.

Thema dit jaar zal zijn:

"Verwondert u zich nog?!".

Medewerking wordt verleend door:

Ds. L.A. Bergstra, mevrouw E. van der Meulen, Chr. gemengd koor "Ta Gods Eare" uit Damwoude en brassband "Ere zij God" uit Damwoude.

De dienst begint om **half tien** en er is oppas aanwezig.

Wij nodigen u allen uit om samen met ons het **kerstfeest** te vieren.

Tot ziens!!!

De interkerkelijke evangelisatiecommissie.

Kryst 1944

Hwat libje wy no yn 'n oare tiid. Doe wie ús wráldsje sa lyts, de skoalle, 't doarp, de Pake's en Beppe's, fierder kamen wy net. Mar der mei my noch in hiele protte fan heuge.

Wy hiene evacue's, ome Jan en tante Rie moast ik sizze. In spantsje ut Arnhem, in lyts behindig mantsje en in feárdich from-minske mei swat krol hier. Se hawwe der net sa lang west. Se binne yn jannewaris fuortrekke. Se wiene op 'e Dútske han. Dy koene wy net langer yn'e hûs ha. Doe krigen wy wer in spantsje en in jong keardel, ek wer ut Arnhem.

Wy wennen yn'e keamer oan'e wei, mei oer de flier in swart potkacheltsje, lange pipen sawat oan'e souder ta en dan troch de boazem. Dêr hiene wy dan ek warmte fan fansels, der leine dan stikken hout yn of stobben ut de sleatswâl. Die wiene faek ek noch wiet en rikken aldermâlst, mar rikke fleis kin lang mei.

Boppe de kachel hong deis in spin, der hong de wask oan, breidene buortrokken en sels hie ik ek lange swarte hoazzen oan. Dat spul woe mar net droegje, it drupte earst ek noch wol op 'e kachel en dat suze dan fansels. Alles moast mei de hân dien wurde. As ús mem wosken hie dan wiene har fingers iepen fan it rossen, de sjippe wie doe ek raar guod. Dat makken se sels, der kaam ek looch yn wyt ik wol. De froulje hiene it doe net makklik; alles wie krap.

Mar nou hwat oer de krystdagen fan 1944. It wie foar yn'e krystdagen een bytsje winter. De earste krystdei hiene wy altyd snein, de twadde hiene wy dan krystfeest yn'e tsjerke, dêr seagen wy al tiden ny ut. Foar my it lêste krystfeest fan de sneinsskoalle.

Matty en ik sieten op'e earste twa stuollen flak om'e hoeke fan de keamerke doar, wy hiene in kopke yn'e han. De poeiermólke kaem doe fan it molkfabryk ut Ikkerwâld. As der doe noch in krystbeam stie wit ik net mear, hwant doe wie der net safolle. Mar de jierren dêrfoar wie Harm de Hoop altiten yn'e buert fan de beam. Hy hie dan in lange stok mei der boppe op in wiete spuns en in amer

mei wetter njonken de beam. Doe hiene wy noch echte kearskes der yn. En as dy opbaernd wiene, se wiene net sa great, dan moasten dy út mei de spons, oars fleach de hiele beam yn'e brân. As it krystfeest nei de ein roan, dan barnden der net safolle kearskes mear. Ds. Gaaikema fortelde dan it krystferhael en de oare helpen wiene, ik wit noch in pear: Sjouk Hofman, Aeltsje de Jager en Jeike Hoekstra. Sy krigen nei ôfrin ek in presintsje.

Sa ik al sei wie it winter, de sleaten wiene tichtferzen, mar dy koene noch net hâlde. De twadde krystmoarn soene wy te riden op de flakte by de kooi by Dokkum. De evacue ome Jan, heit en ik op twa fytsen mei de kusjebannen dat út. De Tjeerd Foekesloane del, doe oerdwars nei de koaiker en der wie efter de flakte, prachtig gléd iis.

Wy de houtsjes under en mar streekje, mei de evacue woe it earst net sa bêst. Ik woe ek in kear in oare kant ut, mar nei in lyts eintsje wie it krak, krak. Der skeat ik der troch, oan 'e hals ta deryn. Stienkald wie dat. Ik koe der net mear útkomme, it iis briek hieltiten wer ôf hwant ik wie oan'e tocht bilanne. Yn'e buert fan'e kooi wenne boer de Groot op in lyts boerespultsje, alles is der no wei, it is ofbrutsen. Der gauw hinne om'e ljedder, die oer it wjek lizze. Der koe ik hâld krije en koene se mij der utlûke. Myn hier wie noch droech. Letter mear oer myn hier. Kletstroch wiet efterop de fiets nei hûs ta, dat wie noch in hiel ein. Doe ik thús wie wiene de klean hurd fezzen. Yn'e keamer foar de kachel de klean út. Mem hie in tsjettel mei wetter oan'e soad. Dêr hat se my mei wosken en wer waerm makke. Mei de fuorten in skoftsje yn waerm wetter sitte. Ik stonk ek sa, mar lekkere rûkerssjippe wie der doe ek net.

De middeis in nije jurk oan, dat wie foar myn jierdei en foar it kriistfeest. Ik waerd doe alve jier. Dy jurk hie ús mem makke fan twa lytse lapkes. De ûnderein wie effen brún, de boppeein hie in rútsje, brún, grien en beige. De buortsjes fan'e mouwen wiene wer brún, ik wie tige wiis.

Us mem hie ek in brúne jurk, se sil wol in lapke oerhâlden ha. Mar nou myn hier. Ik hie doe lang hier. Sneontejouns krige ik der altyd lapkes yn draeid, dan

hie ik sneins pipekrollen. Sa hie mem de earste krystjún de lapkes der ek wer yn dyn, en dy soene krekt foar it krystfeest út, dan siet it hier moaijer mei it krystfeest. Sadwaande wie myn hier droech bleaun. Ik wie de hiele dei klûmsk, mar haw der fierders neat fan oerhâlden. Dat binne fan dy foarfáltsjes dy't jin by bliuwe!

Anneke Westerlaan Wijmenga.

Van de Vrouwenraad,

De plaatselijke Vrouwenraad organiseert haar traditionele gezellige middag voor ouderen en alleenstaanden op:

Zaterdag 9 Januari 1993 's middags 2 uur
in de "Mounetille"

Het voor U allen reeds bekende toneelgezelschap

"Pro rege" van Holwerd zal deze middag weer verzorgen.


nu met het blijspel:

"In skat fan in muoike"

Het belooft weer een goede en gezellige middag te worden.

Komt dus allen en zegt het voort!

U kunt zich opgeven bij:
P.v.d.Zwaag-v.d.Meulen
Voorweg 13 Damwoude
Tel 1985



Geachte broeders en zusters,

Afgelopen maand ontvingen wij van uw gemeente de opbrengst van een kollekte ten bate van de Doopsgezinde Vredesgroep (f 83,85). Hiervoor willen wij u hartelijk danken.

Gezien de ontwikkeling rondom racisme en in Zuid-Oost-Europa zien wij een taak voor de Vredesgroep om bij te dragen aan geweldloze konfliktoplossing. Ook de ontwikkelingen in bijvoorbeeld Israël en de bezette gebieden hebben onze aandacht. Met het Twinning-project kan de Vredesgroep daar concreet steun bieden.

Met de Noord-Ierland-kampen zijn wij actief in een brandhaard die uit het nieuws is verdrongen, maar daarom niet is verdwenen.

Het is goed te weten, dat er velen, waaronder uw gemeente, bereid zijn een steen(tje) bij te dragen aan ons werk.

Met vredesgroeten,

Bart Hoogcarspel

KERSTFEEST

Weer dennegroen en lichtjes in de stad,
en kerstmuziek in alle winkelstraten;
stemmen van mensen, die luidruchtig praten
dwars door de klank heen van "De Heil'ge Stad"


En ieder rept zich langs de ander voort
en ziet alleen zichzelf en zijn belangen,
en is geconcentreerd op het ontvangen:
het kerstfeest werd tot in het hart doorboord.

Van alle kanten klinkt het "Stille Nacht",
maar niemand hoort daarin nog eng'len zingen:
wij zijn te zeer vervuld van aardse dingen,
God komt te laat-Hij wordt niet meer verwacht.

Of toch? Zijn er nog ogen voor Zijn licht?
Nog oren die Zijn woorden willen horen?
Heeft God om ons niet alle hoop verloren?
Of gooien wij de deuren voor Hem dicht?

Komt tot ons, Heer, en neem ons bij de hand;
Uw krib lijkt verder weg dan ooit tevoren,
wij zijn de weg naar Bethlehem verloren,
steek Zelf Uw ster aan in dit donker land!

Uit: Licht onder de horizon
Van: Nel Benschop



copy volgende nummer voor 10 januari